



**FERBÛN** MEI DE  
**MIEN**SKIP

**Noardeast-Fryslân 2022-2026**

# YNDEKS

Frysk 02

Nederlands 24

# YNHÂLD

- Foaropwurd	04
- Riedsbrede aginda	07
- Koälysjeakkoart	10
- Portefúljeferdieling '22-'26	23

# FOAROPWURD

Tusken de griene greiden en it terpelân  
dêr't de wyn altiten wekker is en tusken bosken  
en elzesingels; yn húskeamers en doarpshuzen,  
by de ferienings en stiftingen, yn doarpen en wiken.  
Dêr leit ús MIENSKIP, feilich yn 'e stiennen earms  
fan 'e seedyk. En bytiden, hiel inkeld ris,  
weagje wy ús dêrbûten, foar in sneinskuier oer  
de kwelders mei de blik oer it Waad. Wy wenje yn 'e  
wiken fan Dokkum, bûten as binnen de histoaryske  
bolwurken. Wy wenje yn Ferwert, yn Kollum,  
yn Hallum, yn Holwert, yn Easternijtsjerk,  
yn Westergeast as yn ien fan dy oare prachtige  
doarpen. Wy binne Noardeast-Fryslân.  
Dat is wat ús bynt.

## Ferbûn mei de mienskip

Foar jo leit it lokaal akkoart fan FNP, S!N en Gemeentebelangen (GBNF). Trije partijen dy't de kommende jierren ynsette wolle op in bettere ferbining mei de mienskip fan Noardeast-Fryslân. Wy wolle alle doarpen en wiken, sûnder útsûnderings, sjen, hearre en meinimme. 'Ferbûn mei de mienskip' is dêrom de titel fan dit koälysjeakkoart.

### FISY EN MISJE

Yn 'e fisy fan de FNP, S!N en GBNF kinne in protte saken leechdrompeliger, better en goedkeaper organisearre wurde yn ús gemeente. Dêrom wolle wy folop romte biede foar inisjativen 'fan ûnderop' en dy finansjeel ek stypje mei bygelyks doarps- en wykbudzjetten en duorsumensbudzjetten. De mienskip mei dêrby wat fan ús freegje, mar wy freegje ek wat fan de mienskip; om bygelyks guon saken sels op te pakken en mei-elkoar út te fieren, eigner te wêzen fan eigen ideeën en projekten.

### FERBINING

Wy fiele it as ús misje om dizze ferbining de kommende jierren te ferbetterjen. De opjeften en ambysjes binne grut en dêrby wolle wy ynsette op ferbining. Dêrom komme FNP, S!N, GBNF mei fiif wethâlders, foar in part yn dieltiid, dy't alle fiif ek kontaktwethâlder binne foar in stik fan de gemeente. Dêrnjonken sykje hja ek fanút harren portefúlje en mei de doarpekoördinatoaren en bedriuwekontaktfunksjonarissen aktyf kontakt mei de ynwenners, bedriuwen en organisaasjes en reageare hja as harren amtners flot as der fanút de mienskip kontakt mei se socht wurdt. Doarpsbelangen, wykrieden, ûndernimmers en ek individuele ynwenners moatte foechsum holpen wurde en bygelyks rêd antwurd krije op harren fragen, prosedueres en oanfragen om fergunnings.

Ferbining sjogge wy ek graach binnen de hiele gemeenteried. Yn de ferkenningsfaze binne mienskip, wenjen, soarch, ekonomy en duorsumens troch alle partijen as wichtige opjeften foar dizze riedsperioade beneamd. Dy opjeften foarmje net allinnich de haadtema's fan dit koälysje-akkoart, mar komme ek werom as riedsbrede aginda yn it earste haadstik; yn de hope dat dizze tema's riedsbreed ûnderskreaun wurde en dat wy dêryn as partijen safolle mooglik mei-inoar oplûke kinne, ferbining tusken koälysje en opposysje.

### OPJEFTEN

Ferbining op elk mêd is hurd nedich sjoen de grutte opjeften dêr't wy de kommende jierren mei te krijen hawwe sille, net yn it lêste plak finansjele. Wy sille te meitsjen krije mei kosten

dy't omheech geane, de ûntfrisseling fan de amtlike organisaasje mei Dantumadiel, ûnwissens oer it jild dat fan de ryksoerheid komt en ûnwissens oer it ekstra jild foar de Jeugdsoarch. Grutte besunigings lizze yn 'e line fan de ferwachtings en de koälysjepartijen FNP, S!N, GBNF binne fan betinken dat de mienskip dêrby safolle mooglik ûntsjoen wurde moat en dat de besunigings sa min mooglik op kosten gean meie fan kultuer, soarch en sosjale foarsjennings lykas bibleteken, gemeentlike swimbaden, buertkeamers en oare wolwêzenaktiviteiten. Wy sille de ferbining sykje mei dizze ynstânsjes om saken leechdrompeliger, better en goedkeaper te organisearen en wy wolle ynvesteare om besteande inisjativen op dat mêd, lykas it ferbinen fan ûnderwiis en soarch, om tekoarten yn it Sociaal Domein oan te pakken om sa earder struktureel romte yn 'e begutting te kreëarjen. Oare grutte opjeften lykas wenningbou sille ek ekstra ynvestearings freegje. Ynvestearings dêr't wy ús net foar wei wine kinne sjoen wy fan betinken binne dat de gemeente syn rol as hûsfester wer better oppakke moat wêrby't minsken mei in sosjaalekonomyske binning oan it gebiet in ekstra triuwke yn 'e rêch fertsjinje.

Ek wolle wy ferbining sykje mei oare gemeenten om mei-elkoar in sterke fûst te meitsjen rjochting Den Haag en om in dúdlik sinjaal ôf te jaan: "de ko is leech" en tekoarten dy't wy oprinne binne foar jimme rekken!"

Aldergeloks hat ús prachtige gemeente ek in protte moaie tradysjes, eveneminten, en plakken lykas jeugdhonken, brûsplakken en buertkeamers dy't de ienriedigens fergrutsje, de mienskip libben en ús ynwenners lokkich hâlde. Dy libbene mienskip foarmet mei ús romme lânskip, ús talen, kultuer en ús wize fan libjen, ús goud. En mei dy libbene mienskip fiele wy ús as lokale partijen ferbûn, dêr wolle wy in fernijd ferbûn mei oangean, om op dy wize de grutte opjeften foar de kommende jierren de holle te bieden.

'Ferbûn mei de mienskip' is dan ek mear as in titel, it is in misje en in oanpak. Wy sille der oan bouwe, mei jimme!

De lokale oannimmers,  
FNP, S!N en Gemeentebelangen

# RIEDSBREDĒ AGINDA

## Ferbûn mei de ried

Yn it ferkennings - en ynformaasjeproses hawwe de partijen in oantal oerienkommende punten beneamd. Wy wolle as koälysje graach op dy punten riedsbreed gearwurkje. Want it is goed dat wy as partijen ferskillende stânpunten oer ûnderwerpen hawwe. Mar it is noch moaier dat wy op ûnderwerpen dêr't wy it oer iens binne, gearwurkje kinne, it goede foarbyld jaan, dy ienriedichheid ek útstrielje en om mei-elkoarne stean foar de mienskip fan Noardeast-Fryslân. Want dêr dogge wy it foar!

As koälysje wolle wy mear partisipaasje en mear gearwurking. Wy hawwe al in protte ferbinings mei organisaasjes en ferienings yn 'e mienskip dy't wy fersterkje wolle en dêr't wy noch mear úthelje wolle. Wy wolle ta op nije ferbinings. Wy nûgje de hiele mienskip út om mei te dwaan. Om mei ynweners, bedriuwen, organisaasjes en ferienings de ambysjes en útdagings op te pakken.

En wy wolle ek, ferbûn mei de ried, de ûnderwerpen dêr't de ried it breed oer iens is, mei-elkoar oppakke.

As ried hawwe wy in opjefte dy't wy mei-inoar oppakke moatte en oer in soad fan dy opjeften tinke wy itselde. Lit ús mei-inoar, yn ferbining, dy saken oppakke. Want sa kinne wy de krêften bondelje. Gearwurkje makket sterker. En mei feriene krêften bringe we Noardeast-Fryslân foarút.

Gearwurkje op riedsbrede ûnderwerpen helpt ús as ried ús mei elkoar te ferbinen. Troch ús te ferdjipjen yn ûnderwerpen en troch mei-elkoar aktyf oan 'e slach te gean.

Net, lykas yn de foarige perioade, mei in protte wurk- en klankboerdgroepen. Mar konkreet, oan de hân fan start-notysjes, mei amtlike stipe en in kolleezje dat har rol pakt.

## Mienskip

De mienskip is hecht en libben, it bestjoer berikber en de gemeente tichteby. Wy hawwe in unike mienskip mei mear as 50 doarpen en in stêd. In mienskip dêr't wy ússels yn wêze kinne, mei ús eigen tradysjes, kultuer, taal en gewoanten. En wêryn't wy elkenien de romte jouwe om harren sels wêze te kinnen en begryp en respekt te hawwen foar elkoar.

Us mienskip hat in ryk ferieningslibben, in protte maatskiplike inisjativen, sterke doarpsbelangeorganisaasjes, ferbûnens fia klup, kultuer, tsjerke as kroech. Wy hawwe in mienskip wêryn't it gewoan is dat wy om elkoar tinke op 'e buert: in groetnis, in earm om 'e skouder, in harkjend ear en wêr nedich de helpende hân útstekke: dat is de krêft fan ús mienskip. Ferbûnens, belutsenheid en oparbeidzje binne de kearnwurden. Dy krêft wolle wy koesterje en gebrûk fan meitsje.

Dêr past in gemeente by dy't tichteby de minsken stiet. Dat wy as Noardeast-Fryslân in gruttere gemeente binne betsjut net dat wy op ôfstân steane. De ried wol sichtber en belutsen wêze by doarpen en wiken.

Ús gemeente moat tsjinstber wêze oan de mienskip. In gemeente dêr't ús ynweners, bedriuwen, organisaasjes en ferienings blier fan wurde. In gemeente dy't sjocht nei it totaalbelang fan de mienskip, fan dêrút stimulearret, harket, meitinkt, fasilitearret en wêr mooglik meifearret en wêr nedich ûnderstipet. En foaral in gemeente dy't betrouber en berikber is, dêr't ôfspraak ek ôfspraak is.

En wy wolle fansels, ferbûn mei de mienskip, ús unike fariearre lânskip behâlde en it bioferskaat befoarderje. Wêrby't bioferskaat in fanselssprekkendheid is en wêrby't wy ynsette op maatregels lykas: útstelde meandata, ekologysk bermbehear en in stimulearingsfûns grien yn doarpen en wiken.

### KONKRETE RIEDSBREDE OPJEFTE(N):

- Befoarderje fan dat wat ús bynt yn de mienskip (mei doarpen- en wikenfûns en oare inisjativen);
- Mei de mienskip in pûster jaan oan bioferskaat
- Foarmjaan fan in gemeente middenmank de mienskip mei aktive en sichtbere riedsleden en in tsjinstbere oerheid.

## Wenjen

It wenningoanbod yn ús gemeente stiet ûnder druk en al hielendal foar guon doelgroepen. Der is grut ferlet oan huzen yn ús gemeente. Dit jildt foar alle doelgroepen en dêr moatte wy dus ek breed op ynsette. Sawol foar hier as keap, foar jong en foar âld, foar alle ynkommens en foar doarpen en stêd, nei aard, skaal en karakter.

Wy wolle as gemeente komme ta in oanpak om yn dit brede ferlet te foarsjen. Dit troch inisjativen dy't op priemmen set binne of wurde fanút de doarpen te befoarderjen en te stypjen, troch as gemeente sels in aktive rol te spyljen én troch gear te wurkjen mei de wenningboukoöperaasjes. Om sa romte te bieden oan minsken dy't yn ús gemeente wenjen bliuwe wolle en dy't hjir komme wolle te wenjen, en mei in ferskaat yn oanbod oan te sluten by de ferskillende behoeftes foar partikuliere bou, hierwenten, wenjen en soarch en alternative boufoarmen.

### KONKRETE RIEDSBREDE OPJEFTE(N):

- Bouwe nei aard en skaal yn alle doarpen en stêd foar alle doelgroepen en mei foarrangsmooglikheden foar minsken mei binning mei it gebiet.

## Soarch

Wolle wy soarch, wolwêzen en ûnderstypjen duorsum, berikber en betelber hâlde, dan sille wy dit better organisearje en ferbine moatte. Dêrom is de ôfrûne jierren al ynsetten op de ûntwikkelings yn it Sociaal Domein en de needsaaklike feroarings dy't dêrfoar nedich binne, lykas de ferbining wenjen en soarch, ûnderwiis en soarch en wolwêzen en soarch.

### Konkrete riedsbrede opjefte(n):

- It befoarderjen fan soarch tichteby en leechdromplich, berikber en betelber.

## Ekonomy en rekreaasje

Lytsskalige ekologysk ferantwurde toerisme en rekreaasje hat yn ús gemeente grutte kânsen.

It Lauwersmargebiet, it terpelânskip, de Noardlike Fryske Wâlden, de Waadsee (UNESCO Werelderfgoed) en Dokkum as histoaryske stêd binne lûkers mei boppreregionale útstrieling. De romte, rêst mar ek de tsjustere nacht binne kearnwearden by it proflearjen fan ús gemeente. Op dit ûnderwerp sille wy oplûke mei lokale toeristyske ûndernimmersorganisaasjes.

### KONKRETE RIEDSBREDE OPJEFTE(N):

- Befoarderjen fan lytsskalich, ekologysk ferantwurde toerisme en rekreaasje.





## Duorsumens en enerzjytransysje

Noardeast-Fryslân wol in duorsume gemeente wêze en har ûntwikkelje op it mêd fan duorsume enerzjy. Enerzjytransysje is ien fan de grutste globale opjeften dêr't wy as gemeente in aktive rol yn hawwe te ferfoljen. Wy wolle enerzjy helje út duorsume boarnen, en dat mei net ta skea gean fan it lânskip, én betelber bliuwe foar minsken dy't it no al krap hawwe. Noardeast-Fryslân hat de ambysje fêststeld om yn 2030 op syn minst 70% fan de enerzjy dy't nedich is op duorsume wize te fer krijen. Oansluting by lokale inisjativen is dêrfoar needsaaklik. Krekt om it opwekken fan enerzjy fanút duorsume bronnen mooglik te meitsjen, mei each foar de lânskiplike kearnwearden fan it gebiet én om dizze t'en goede komme te litten oan de ynwenners fan ús gemeente, stelle wy dêr yn it koälysjeakkoart in tal rânebetingsten oan (sjoch side 21). Mar wy sjogge graach mei de folsleine ried hoe't wy as Noardeast-Fryslân in pûster jaan kinne oan enerzjytransysje binnen dy rânebetingsten. Dêrby bliuwt besparjen fan enerzjy (bygelyks yn wenningen) in krúsjaal ûnderdiel fan ús enerzjyhûshâlding.

### KONKRETE RIEDSBREDE OPJEFTE(N):

- Stimulearjen duorsumens en enerzjytransysje.

## Lânbou

De lânbou is fan grut belang en typearjend foar Noardeast-Fryslân. Feehâlderijen en lânboubedriuwen leverje in grutte bydrage oan ús regionale ekonomy en duorsumens. Gauris giet it om desennia-âlde famyljebedriuwen dy't belangryk binne foar de maatskippij en om ûndernimmers dy't wearde hechtsje oan goed wurkjouwersskip. In protte fan ús ynwenners binne dan ek direkt as yndirekt hjirby belutsen. In lânbou-amtner dy't him oppenearret as ferbining tusken gemeente, agrariërs en natuerorganisaasjes en dy't as in oanjager fungearje kin foar kânsen yn (natuerynklusive) lânbou, duorsumens en bioferskaat.

### KONKRETE RIEDSBREDE OPJEFTE(N):

- In dúdlike lânbou-aginda foar de kommende jierren.



# KOÄLYSJE- AKKOART

## Ferbûn as koälysje

Hjirnei folgje de tema's út it koälysjeakkoart. Dit binne deselde tema's as by de riedsbrede aginda. Mar yn it koälyssjeakkoart hawwe wy as koälysje wol konkreter bepaald op hokker wize wy op in tal gebieten ús ambysjes foarmjaan wolle en dêr kaders en rânebetingsten oan meijaan wolle.

De ûnderwerpen dy't yn it koälysje-akkoart weromkomme binne:

- Mienskip;
- Wenjen;
- Soarch;
- Ekonomy;
- Duorsumens.

# MIENSKIP

## Belied Doarpen- en wiken

As koalysje steane wy foar in hechte en libbene mienskip, wêrby't de gemeente fan de mienskip is, foar de mienskip wurket en dêr't bestjoerders berikber binne.

Dêrfoar wol de koalysje in aktyf kearnebelied útfiere, wêrby't wy ek echt wurkje mei kontaktwethâlders. Dy binne net allinnich bestjoerlik oansprekpunt foar in doarp, mar hja jouwe harren ûnder de minsken fan dat doarp, binne werkenber, binne oansprekber, benaderber, en hawwe affiniteit mei harren doarpen.

De kontaktwethâlders harkje nei de ynwenners én hearre ek nei se: hja begripe wat de minsken sizze. En hja binne dúdlik en fertelle njonken wat wol allegear kin, ek wat net kin. Hja jouwe oan wêr't ynwenners wêze moatte, of wannear't ynwenners antwurd ferwachtsje kinne en hja skeakelje foar it fierder ôfhanneljen mei de fakwethâlders. Kontaktwethâlders wurkje dêrby fansels nau gear mei de doarpekoördinatoaren, dy't de stim fan it doarp yn de organisaasje trochkinke litte. Op dy wize steane wy nei de fúzje yn 'e foarige perioade as grutte gemeente júst tichterby en middenmank de mienskip ynstee fan fierder fuort.

De kontaktwethâlder is bestjoerlik kontaktpersoan foar it doarp. Dat betsjut net dat hy alle ûnderwerpen sels ôfdwaan sil. De kontaktwethâlder soarget der, mei de doarpekoördinator, wol foar dat linich skeakele wurdt mei de ynhâldlik belutsen wethâlder dy't it fraachstik dêr't it om giet yn syn portefúlje hat.

Om inisjativen yn 'e doarpen en wiken te stimulearjen is it doarpe- en wikefûns belangryk en foarsjennings yn 'e doarpen lykas doarpshuzen, MFC's, buertkeamers, jeugdhonken ensafh. Ferienings foar doarpsbelangen binne in wichtige spil, wêrby't hja rekkenje kinne op (finansjele) stipe; û.o. troch en fia de doarpekoördinatoaren.

Belied Doarpen- en wiken  
 Sosjale ferbining  
 Belutsenheid boargers  
 Nivo Foarsjenningen  
 Kultuer en media  
 Meartaligens  
 Monuminten en erfgoed  
 Behear iepenbiere romte  
 Bioferskaat  
 Behear en ûnderhâld  
 begraafplakken  
 Miljeu  
 Offalbelied- en ynsammeljen

### KONKREET WOLLE WY DÊRFOAR WURKJE MEI/OAN:

- Fersterkjen fan de rol kontaktwethâlders en doarpekoördinatoaren;
- Behâld doarpe- en wikefûns;
- Behâld fan de OZB-kompinsaasje foar doarpshuzen, wêrby't dizze oanfitere wurde sille om de finansjele romte dy't troch dy kompinsaasje ûntstiet yn te setten foar ferduorsuming en renovaasje;
- Berikbere foarsjennings foar ynwenners.

## Tsjinstbere oerheid

In gemeente tichteby har ynwenners betsjut ek tsjinstberens yn de tsjinstferliening. Wy wolle ús ynwenners it fertrouwen jaan om better út te meitsjen wat der yn harren wyk of doarp bart, lykas it ynrjochtsjen fan in jeugdhonk, snoei- en dyk(herstel)wurk en planûntwikkeling yn wiken en doarpen. Tsjinstberens betsjut, fanút it ramt fan it folsleine belang fan de mienskip, betingsten skeppe, fasilitearje en meitinke mei inisjativen fan ynwenners en ûndernimmers.

Dit is ek folslein yn line mei de bestjoerings- en organisaasjefilosofy dy't de organisaasje brûkt en dy't ek oan de basis stiet fan de Verbeteragenda. De bestjoerings- en organisaasjefilosofy as paadwizer en mei de Verbeteragenda hat de organisaasje sûnt de amtlike fúzje enoarme slaggen makke en dêr binne wy grutsk op.

Dêrom hawwe wy as koälysje der alle fertrouwen yn dat wy, yn line mei de omjouwingwet, nije útdagings oankinne om noch mear mei de ynwenners belied te foarmjen.

Sa is mei de oanheakker ('aanhanger') in rûntsje by de doarpen/wiken fan Noardeast-Fyslân del makke om ynwenners te hifkjen nei de tsjinstferliening en it belied fan de gemeente. Dizze foarm fan ynteraktive beliedstarieding kinne wy útwreidzje troch bygelyks mear gear te wurkjen mei ervarings-saakkundigen en belangegroeparrings.

De organisaasje moat ek de line dêr't goed mei útein setten is fan dúdlik, betrouber en berikber wêze, trochsette. Dêr past in goede en flotte ôfhanneling fan oanfragen, klachten en fergunnings by. Wy steane foar in organisaasje dy't effisjint wurket wêrby't de ynwenners rap holpen wurde, witte wat se ferwachtsje kinne en dêr't alle meiwurkers harren ferplichte fiere om telefoanyske fragen en e-mails binnen de servicenoarmen dy't fêststeld binne, te beäntwurdzjen.

Tsjinstferliening moat fierder digitalisearre wurde, mar mei der net ta liede dat it persoanlik kontakt mei de boarger ferlern giet.

Wy wolle de kommunikaasje rjochting ynwenners noch fierder ferbetterje.

#### KONKREET WOL DE KOÄLYSJE DÊRTA YNFESTEARE YN:

- Ynteraktive beliedsfoarming;
- Ferbetterjen fan de kommunikaasje mei klanten, bedriuwen en ynwenners;
- Profesjonele, effisjinte en kwalitative tsjinstferliening (koarte wachttiden, foldwaan oan de servicenoarmen en in track- en trace systeem sadat ynwenners witte wat de status fan bygelyks in oanfraach is) mei omtinken foar it behâld fan de minsklike mjitte en persoanlik kontakt.

## Bioferskaat

En wy wolle fansels, ferbûn mei de mienskip, ús unike lânskip fol fariaasje behâlde en it bioferskaat befoarderje. Dêrfoar wurkje wy gear mei ynwenners en mei de lânbou oan mear fariaasje yn ús grien (mei mear blommen en krûden) om sa bettere omstannichheden te kreëaren foar ynsekten en fûgels. Wêrby't bioferskaat fanselssprekkend is en wêrby't wy ek as gemeente sels ynsette op maatregels as: útstelde

meandata, ekologysk bermbehear en stimulearringsfûns grien yn doarpen en wiken. Wy sjogge ek in dúdlike relaasje mei lânbou dy't har bygelyks aktyf ynset foar bou- en greidefûgelbehear.

#### KONKREET BETSJUT DIT DAT WY ÚS YNSETTE FOAR DE FOLGJENDE PUNTEN:

- Trochsette mei it pilotprojekt oars omgean mei meane en ynsiedzjen;
- It belûken fan iepenbiere grienfoarsjenning (bermbehear) by ekologyske sône 'van stad tot Wad';
- Ferantwurde omgean mei it kapjen fan beammen en grienbehear yn oerlis mei ynwenners, ferienings foar doarps- en wykbelangen en oare eigners fan grien.

## Kultuer

Kultuer is in belangryk aspekt fan ferbining en dêrmei in basis foar sosjale gearhing. Us gemeente is ryk oan kultuer, tradysjes en eveneminten en dat wolle wy behâlde.

Wy hawwe in soad muzyk- en teater op lokaasje, iepenloft-spullen en eveneminten dy't in breed publyk lûke. Wy fine dit wichtige inisjativen fanút de mienskip dy't de identiteit en it ferskaat fan dizze regio útdrage. Kultureel sit him de krêft fan dizze regio yn dizze soarten poadia en eveneminten dy't nonken lokaal ek bopperegionale besite oanlûke kinne. Kultuer is der net allinnich ta de ferdivedaasje fan de ynwenners, mar is troch de ynfrastruktuer in wichtich sosjaal fangnet.

Dêrom wolle wy eveneminten, ferienings en akkommodaasjes stypje en nimme wy in aktive hâlding oan rjochting organisaasjes (fan eveneminten).

Wy binne ek fan betinken dat tradysjes as fersierde weinen, fjoerbulten en karbydsjitten by ús gemeente hearre.

#### KONKREET:

- Stypjen eveneminten en kulturele projekten;
- Aktive hâlding en trochgean mei it evenemintebelied;
- In fêst eveneminteterrein yn Dokkum;
- Gebrûk meitsje fan kultuer as previnsjemodel yn it sosjaal domein;
- Goede tagonklikens en (finansjele) berikberens fan musea om ynwenners en toeristen nau by ús kultuer en histoarje te beheljen.

## Fryske taal en meartaligens

As Fryske gemeente wolle wy ús eigen taal en de streektaal better hoedzje en noedzje. De gemeente docht sels mear om it Frysk in foaroansteand plak te jaan en ek yn it ûnderwiis te befoarderjen.

### UTGONGS- EN AKSJEPUNTEN:

- 'Frysk foarop' yn 'e kommunikaasje mei ynwenners;
- De Fryske taal hat in lykwaardich plak binnen ús meartalige gemeente, dy't dit aktyf útdraacht en dêr ek finansjeel yn bydrage wol;
- Streektaal mear sichtber yn stêd en doarpen, yn bygelyks stegenammen, gedichten en teksten op muorren en finansjele stipe by it skriftlik digitaal fêstlizzen fan it Dokkumers en de oare streektaal no't dy der noch binne;
- Mear omtinken foar en help by letterswakkens ('laaggeletterdheid') yn de beide rykstalen.

## Sport, muzyk en kultuer

Foarsjennings foar sport, muzyk en kultuer fine wy fan grut belang foar de sosjale gearhing. It muzykûnderwiis op de muzykskoalle en op skoallen is fan belang en moat bestean bliuwe. Dêrby wolle wy mear gearwurking tusken muzykskoallen en it ûnderwiis en de kultuersektor stimulearje.

Bibleteken binne fan belang foar in protte maatskiplike fraachstikken. It wurdt hieltiten fan grutter belang dat minsken harren ûntwikkeljen bliuwe, bygelyks op it mêd fan technology. Mar ek foar letterswakken as op it mêd fan digitale ynklúzje binne bibleteken fan grut belang.

### DIT BETSJUT KONKREET:

- Gearwurking teaters, muzyk(skoallen) en ûnderwiis stimulearje;
- Tariven en kontribúsjes sa leech mooglik hâlde sadat safolle mooglik bern en folwoeksenen der gebrûk fan meitsje kinne. Húshâldings mei in leech ynkommen moatte dêrfoar in ekstra finansjele bydrage by de gemeente oanfreegje kinne;
- Stimulearje en stypje dat bibleteken en musea mear ynstekke op it Frysk.

## Ald papier

De koalysje sjocht de wearde yn fan it systeem mei it ynsammelen troch de ferienings en ûnderstrekke de VANG-doelstellings. De ferienings binne o sa nedich om dizze doelstellings berikke te kinnen.

It ynsammelsysteem bliuwt sa't it is. Wol sille wy in ûndersyk hâlde nei in systeem wêrby't ferienings harren subysdzje ynkomsten behâlde, de VANG-doelstellings noch better berikt wurde kinne en hoe't wy dit yn oparbeidzjen mei de mienskip oplosse kinne.

### GFSPRAAK:

- It tsjinwurdige ynsammelsysteem en de tsjinwurdige subysdzjeregelingen bliuwe bestean;
- Der wurdt in ûndersyk hâlden nei in systeem wêrby't ferienings harren subysdzje ynkomsten en wize fan ynsammelen behâlde en de VANG-doelstellings, yn oparbeidzjen mei de mienskip, noch better helle wurde kinne.

## Stêdebân Crediton en Fulda

Wy steane posityf tsjinoerde stêdebân fan Dokkum mei Crediton en Fulda fanút de ferbûnens mei Bonifatus as figuer fan Europeeske betsjutting. Mei de blik nei bûten ta kinne wy dat mear foarmjaan en kânsen benuttigje: mear minsken út de befolking (jongerein) by útwikseling belûke, ûnderwiis en ûndernimmers op dit ûnderwerp better ferbine en hjiroan keppele kânsen op it mêd fan ferbliuws- en kultuertoerisme benutte. Dat biedt kânsen foar de hiele gemeente.

### DÊROM SIL ÚS SPEARPUNT WÊZE:

- Kânsen fan de stêdebân mei ynwenners, ûndernimmers en ûnderwiis foarmjaan en útbouwe foar de folsleine gemeente Noardeast-Fryslân.

# WENJEN

## Bouwen en fergunnings

De druk op de wenningmerk is grut. De fraach is folle grutter as it oanbod en jong talint giet fuort út ús regio omdat der te min starterswenningen en sosjale hierwenningen binne.

De koälysje wol de opjeften mei ambysje oppakke. Oan 'e iene kant nûgje wy alle doarpen út om aktyf fanwegen te kommen mei plannen wêrby't wy dizze linich en mei maatwurk fasilitearje wolle, sadat ek yn de doarpen in brede sprieding wat doelgroepen en priiklasse oanbelanget, realisearre wurde kin. Oan de oare kant moat in aktyf grûnbelied en in aktive rol foar de gemeente helpe by pasjende húsfersting foar alle doelgroepen.

Yn it totaalpakket moat der, mei omtinken foar de romtlike kwaliteit, romte wêze foar alle doelgroepen, sosjaal en yn de frije sektor; starters en senioaren, wen-soarch kombinaasjes, generaasjebestindich wenjen en alternative wenfoarmen. De klam moat dêrby lizze op betelberheid. Dêrby wol de koälysje ek ynnovative tydlike wenfoarmen fasilitearje om de druk fan de tsjettel te heljen.

Sawol ynweners dy't hjir wenjen bliuwe wolle as minsken dy't hjir komme wolle te wenjen moatte de mooglikheid krije, wêrby't de ynweners mei sosjaalekonomyske binning oan it gebiet in triuwke yn 'e rêch fertsjinje en yn guon gefallen foarrang krije kinne moatte. Yn 'e gearwurking mei alle partijen sjogge wy in mearwearde foar it 'wenplatoarm'.

Romtlike ûntwikkeling/  
romtlike kwaliteit  
Wenjen  
Grûnbelied  
Omgevingswet  
Bedriuwstjering+Tsjinstferliening  
ICT  
Sintrale Húsfersting  
Fergunningferliening  
Húsfersting amtlik apparaat

### WY WOLLE DE WENNINGBOU-OPJEFTEN YN DOKKUM ËN DOARPEN MEI DE FOLGJENDE MAAREGELS YNFOLJE:

- Ynvestearje op aktyf grûnbelied;
- Maatwurk, per doarp fasilitearje, nei aard, skaal en karakter;
- Doarps- en stedsûntwikkelingsmaatskippijen (DOMs en SOMs) stimulearje, finansjeel stypje en wêr mooglik better fasilitearje;
- Iepen stean foar alternative wenfoarmen/ynnovative wenningbou;
- Tefoaren komme dat wenningen dy't gaadlik binne foar permaninte bewenning in rekreaasjefergunning krije;
- Fêststellen fan in húsferstingsferoarding;
- In fasilitearjende amtlike organisaasje: flotte ôfhanneeling fan fergunningsoanfragen, binnen de wetlike termyn fan 8 wike;
- Meitinke mei de ynweners yn de line fan de Omgevingswet;
- Gearwurkje mei wenningkorporaasjes om it persintaazje sosjale hierwenten, ek yn 'e doarpen, op peil te hâlden (jierliks fêstlein yn prestaasje-ôfspraken)
- Omtinken foar wenjen yn kombinaasje mei soarch.

De koälysje is har der goed bewust fan dat dit in ynvestearing yn de amtlike organisaasje ferget. Dêrom wol de koälysje ta in ynvestearingsaginda komme, wêrby't mei ienmalige middels ynvestearre wurdt, ek yn (tydlik) persoanlik, om ûntwikkelings op gong te bringen ambysjes wier te meitsjen.

## Histoarysk karakter binnenstêd Dokkum

Wy binne grutsk op it histoaryske sintrum fan de binnenstêd fan Dokkum. Dy wolle wy hoedzje en noedzje en fierder ûntwikkelje. It is ek moai dat der in goed plan leit foar it op 'e nij ûntwikkeljen fan it Harddraverspark yn Dokkum, dat it sintrum en de funksje fan it park ferbynt en fersterket.

Júst om it karakter fan de binnenstêd sa te hâlden passe dêr gjin nije brêgen nei it Panwurk en de bolwurken by.

### UTGONGSPUNT:

- Gjinnije brêgen nei Panwurk en de bolwurken. Kultureel erfgoed,

## Kultureel erfgoed, monuminten en tsjerken

Wy wolle soarchfâldich omgean mei monumintale en karakteristike gebouwen en oansichten yn ús gemeente.

It monumintebelied dat no opsteld wurdt, moat in solide en strukturele basis foarmje foar it beskermjen, behâld en behear fan monuminten en erfgoed yn ús gemeente, lykas karakteristike buorkerijen en it kultuerhistoarysk lânskip.

Wy wolle ek in regionale tsjerkefisy foar de gemeente Noardeast-Fryslân: foar in yntiidse besinning op ôfbraak of werbestimming fan tsjerken as monuminten dy't it gesicht bepale foar de lokale mienskip. De ryksoerheid hat yn 2019 fia de Rijkdienst Cultureel Erfgoed de gemeenten dêrta oproppe.

### YNSET:

- Fêststelle en útfiere monumintebelied
- Opstelle fan in fisy op tsjerken

## Dykfersterkjen bûtendyks

Foar de dykferswiering witte wy dat der by Wierum in knyp-punt is. Omdat dêr binnendyks gjin romte is foar dykferswiering sûnder dat dit de unike doarpskearn oantaaste sil, moat it fersterkjen fan de dyk bûtendyks dien wurde. Dit fansels fanút ús ferantwurdlikens, want it Wetterskip is yn de 'lead'. En fanút dy eftergrûn is ús útgongspunt dat it ferswierjen fan de dyk safolle mooglik bûtendyks útfierd wurde moat om it unike karakter en it oansjen fan de doarpen sa folle mooglik te behâlden.

### KONKREET:

- Dykferswiering moat safolle mooglik bûtendyks útfierd wurde en mei it karakter fan ús doarpen net oantaaste.



# SOARCH

## Soarch en wolwêzen

Wy wolle soarch, wolwêzen en it stypjen duorsum, berikber en betelber hâlde. Dêr is mear gearwurking mei de mienskip foar nedich. Troch gear te wurkjen, dúdlike ôfspraken te meitsjen en mei mear omtinken foar previnsje kinne wy ekstra ambysjes wiermeitsje én de soarch ek betelber hâlde.

Troch op in oare wize nei soarch te sjen kinne wy yn it Sociaal Domein besparje sûnder dat dit ôfbrek dwaan sil oan de soarch oan ynwenners.

Dêr is ús gemeente de ôfrûne jierren al mei útein setten. Troch bygelyks skerper tafersjoch op kontrakten mei soarch-oanbieders en troch in oare, effisjintere ynset fan soarchjild. Troch in bettere ferbining fan soarch mei it ûnderwiis, wolwêzenynstellings en húsartsen wurde der in soad kosten besparre. De earste stappen yn dy ferbining binne setten en dy moatte mei mear faasje trochsetten wurde om ta leechdrompelige, betelbere, takomstbestendige soarch te kommen.

Ynwenners dy't gebrûk meitsje fan soarch en byhearrende foarsjennings moatte hjir op in ienfâldige wize gebrûk fan meitsje kinne. Soarch moat tichteby wêze en der moat effisjint wurke wurde mei de budzjetten dy't nedich binne. Wolwêzenorganisaasjes hawwe hjir in belangrike rol yn. Dêrnjonken sjogge wy in ûntwikkeling fan de Sionsberg ta streeksikehús mei in útwreiding fan de spoedsoarch. Troch gearwurking mei de húsartsen kin leechdrompelige soarch tichtby oanbean wurde.

It súnensbelied sille wy mear foarmjaan neffens it 'Yslânsk model'. Doel dêrfan is te kommen ta in stimulearjende en sûne omjouwing wêryn't jongerein feilich opgroeie kinne. Op lokaal nivo wurde aksjes, ynterfinsjes en maatregels opsteld en ynsetten om it wolwêzen yn brede sin ûnder jongerein te stimulearjen. Op basis dêrfan meitsje belutsenen sels in aksjeplan dat hja ek útfiere. As lokale belutsenen sjogge wy bygelyks skoallen, húsartsen en wolwêzenswurk dêr't neffens ús betinken mei mear gearwurking gruttere risseltaten boekt wurde kinne. Ek de sportferienings binne foar ús wichtige partners yn it súnensbelied om in sûne wize fan libjen foar eltsenien te befoarderjen.



De ôfrûne fjouwer jier hat Noardeast-Fryslân yn oparbeidzjen mei erfaringssaakundigen belied op de earmoed ûntwikkele mei apart omtinken foar bern en sosjale útsluting. Dit belied moatte wy, yn gearspraak mei de doelgroep, fierder troch-ûntwikkelje.

Dêrby moatte de sterkste skouders de swierste lêsten tôgje. Húshâldlike help moat wer ôfhinklik makke wurde fan it ynkommen. Bern yn húshâldings mei in minimumynkommen moatte altiten meidwaan kinne oan sport-, skoalle- en muzykaktiviteiten.

Sawol op it mêd fan âldereinbelied (yn kombinaasje mei wenjen en soarch) as op it mêd fan jongereinbelied jildt dat ynvestearje yn previnsje harsels weromfertsjinnet.

Yn it soarch- en wolwêzenbelied moat in tanimmende ferienliking ûnder âlderein, mar ek ûnder allinnichsteande jongerein, mear omtinken krije.

It oanpart âlderein ferdûbelet de kommende jierren. Wy wolle gearwurkje mei doarpsbelangen, wenningkorporaasjes, wolwêzenwurkers en -foarsjennings yn de doarpen en inisjativen op it gebiet fan mienskipsoarch, wêrby't minsken elkoar (ûnder)stypje en stimulearje.

As koälysje sette wy ús der op yn dat der in folweardich en in fariearre aanbod foar wenjen en soarchfoarsjenning, ek yn de lytsere doarpen, bestean bliuwt.

Wy wolle komme ta in robúst jeugd- en jongereinwurk foar stêd en doarpen. Wy wolle ús mei Bolwerk en Timpaan ynsette foar wolwêzenaktiviteiten dy't preventive en leechdrompelige soarch en begelieding biede. Ek dat kin de kosten yn it Sociaal Domein werom bringe, sûnder dat it wolwêzen gefaar rint.



Neffens ús is ek in keppeling mooglik mei it bibleteekwurk as plak fan it sosjaal treffen yn 'e wyk.

Noardeast-Fryslân is in reinbôgegemeente. Dêr binne wy grutsk op en dat wolle wy bliuwe!

Wy steane as Noardeast-Fryslân ek foar in goed spriede opfang fan asylsikers oer stêd en doarpen, nei aard en skaal. As gemeente wolle wy statushâlders romhertich en goed húsfeste, spriede oer kearnen.

#### DIT FERTAALT HIM YN DE FOLGJENDE PUNTEN:

- Besparjen op kosten trochsette sûnder dat it de soarch oan ynwenners ûnderstek docht;
- Sûnens- en wolwêzenbelied fia it 'Yslânsk model': ynset op belutsenens en previnsje;
- Stimulearje gearwurking skoallen, húsartsen en wolwêzenswurk;
- Mei de doelgroep trochûntwikkelje belied tsjin earmoed;
- Ynset op farieard oanbod wen- en soarchfoarsjennings, ek yn lytse doarpen;
- Ynset op previnsje tichteby en leechdromplich yn sûnens-, wolwêzens-, âlderein- en jongereinbelied;
- Noardeast-Fryslân bliuwt in reinbôgegemeente;
- By de wenningbouproduksje rekken hâlde mei ekstra kontingint foar statushâlders om dizzen goed húsfeste bliuwe te kinnen;
- In sûne wize fan libjen, yn gearhing mei sport, befoarderje

## Underwiis

It ûnderwiis én de skoallen as sosjaal plak yn wyk en doarp binne fan grut belang yn ús gemeente en dat wolle wy graach behâlde.

De gemeente hat yn oparbeidzjen mei de skoalbestjoeren in yntegraal húsfestingplan (IHP) ûntwikkele. Dit moat de kommende jierren útfierd wurde, mei in iepen ear foar it ûnderwiis.

Yn goed oerlis en yn oparbeidzjen mei it ûnderwiis sille wy, mei each foar de demografyske ûntwikkelingen, it IHP ek echt realisearje, mooglik mei oare finansieringsfoarmen.

Gearwurking tusken ûnderwiis en berne-opfang om te kommen ta yntegrale bernesintra kinne sawol ynhâldlike (efterstannen te foarren komme) as finansjele foardielen opsmite. Ek hjir

wolle wy de gearwurking Underwiis en Soarch, yn de trend fan it 'Yslânsk model' rjochte op previnsje en belutsenens, stimulearje.

Wy fine it praktysk beropsûnderwiis it fûnemint fan ús arbeidsmerk. De fakopliedings binne wichtich foar wurkelegens en de takomst fan in protte jongfolk yn ús regio. Yn it fuortset ûnderwiis binne de plannen foar fierdergeande gearwurking tusken ferskillende skoalbestjoeren o sa nei't sin; benammen op it mêd fan technysk ûnderwiis en de ûntwikkeling fan de 'nieuwe leerweg' en it fak technology. Wy binne foar gearwurking fan it VMBO mei it MBO en it bedriuwslibben.

As gemeente spylje wy mei de Versnellingsagenda in aktive en finansjele rol by it opsetten en fasilitearjen fan netwurken tusken (fak)skoallen en bedriuwen, ûnder oaren fia de Versnellingsagenda. It is fan belang om goede (fak)minsken foar de takomst yn de regio te hâlden en op te lieden.

Dokwurk is foar ús in wichtige partner. Dit sosjaal ûntwikkelbedriuw helpt minsken mei in ôfstân ta de arbeidsmerk om oan it wurk te kommen.

Wy wolle it partnerskip fan de gemeente mei Dokwurk útwreidzje op it mêd fan ynboargering, re-yntegraasje (it projekt 'Meedoen' foar minsken dy't lang wurkleas binne), partisipaasje (ek troch frijwilligerswurk), it Leerwerkloket, en plannen foar de Stadsworkplaats as plak foar training en oplieding. Minsken dy't wurk sykje en frijwilligers kinne dêr nije kompetensjes leare, fan belang foar elk individu en de mienskip as gehiel.

#### KONKRETE PUNTEN:

- Y.o.m ûnderwiis IHP realisearje;
- Stimulearje en stypje gearwurking ûnderwiis, oerheid en ûndernimmers;
- Ynset op gearwurking ûnderwiis en soarch neffens it 'Yslânsk previnsjemodel';
- Utweidzjepartnerskip mei Dokwurk.



## Finânsjes

Wy wolle op in ferantwurde wize omgean mei mienskipsjild, want wy sjogge de al earder neamde grutte finansjele opjef-ten dy't op ús ôf komme: kosten dy't omheech gean, ûntflechting fan de amtlike organisaasje, ûnwissens oer jild fanút de ryksoerheid, en ûnwissens oer de ekstra middels fanút de jeugdsoarch.

Dêrby wolle wy de mienskip safolle mooglik mije, sadat de besunigings gjin ôfbrek dogge oan kultuer, soarch en sosjale foarsjennings.

Krekt dêrom ynvestearje wy yn gearwurking en previnsje om mei de mienskip foarsjennings leechdrompeliger en goed-keaper te organisearjen.

Troch njonken de krêft en selsredsumens fan de Mienskip ek subsydzjemoglikheden sa goed mooglik te brûken, hâlde wy de finansjes op oarder.

Dêrom stekke wy ek gjin grutte bedragen yn ynfrastrukturele projekten as nut, needsaak en (maatskiplik) rendemint net dúdlik genôch is.

Wy wolle krekt omgean mei ús foarsjennings. Omdat dizze ûnderwerpen wol in relaasje mei elkoar hawwe brûke wy it útgongspunt dat lêsteferheging allinnich mooglik is om behâld fan it foarsjenningsnivo te garandearjen.

### DÊRFOAR SIL ÚS STRIBJEN WÊZE:

- Ynvesteare yn bettere tsjinstferliening, fersnelling fan wenningbou en soarch tichteby;
- Yn oparbeidzjen mei oare Fryske gemeenten bliuwe wy dúdlike sinjalen ôfjaan oan 'Den Haach' oer de desintralisaasjes en de finansjes dy't dêr by hearre.
- Ynsette op it oanboarjen fan middels út oare bronnen, sa mooglik yn ANNO-ferbân, basearre op goede plannen en konkrete projekten, wêrby't it primaat by de ynhâldlike portefúlje leit.

# EKONOMY

## Ekonomy

Om de wurkgelegenheid, de ekonomyske fitaliteit en de leefberens yn ús gemeente te ferheegjen, wolle wy it ekonomyske klimaat fan Noardeast-Fryslân befoarderje.

Kaaiwurden dêrby binne: romte foar ûndernimmers, gearwurking (sawol mei ûndernimmers as yn ANNO ferbân yn 'e regio), en kânsen benutte, passend by de gemeente.

Undernimmers moatte folop de kâns krije hjir mei in bedriuw útein te setten. Wêr mooglik moat de gemeente harren skewiele en fasiliteare. Bestearde bedriuwen moatte genôch mooglikheden krije om binnen de grinzen fan ús gemeente út te wriedzjen.

Utwreidingen moatte wol passend wêze en meie de iepenheid fan ús moaie lânskip gjin ûnderstek dwaan.

De gemeente is aktyf belutsen by de lokale ûndernimmers. Dêrby nimme wy as gemeente it foartou om bedriuwen nei ús gemeente te heljen. Om ûndernimmers romte te jaan moatte wy goed gebrûk meitsje fan it konvenant bedriuwe, troch it ûntwikkeljen fan bedriuweterreinen dy't oanslute by de fraach fan stêd en doarpen, mar wol rekken hâlde mei de kearnwearden fan ús gemeente.

De gemeente is in betroubere partner dy't meitinkt yn kânsen en ferantwurdlikheid doart te dielen. De gemeente stiet foar in goede tsjinstferliening en nauwe gearwurking. Yn dy gearwurking spylje bedriuwekontaktfunksjonarissen in wichtige rol. Underdiel fan dy gearwurking is ek goed harkje nei ideeën fan ûndernimmers, ekonomysk belied mei de ûndernimmers foarmjaan en mei-elkoar ynvesteare yn ynnovaasje en wurkgelegenheid.

En wy binne grutsk op sosjaal-wurkbedriuw Dokwurk. Dat is ien fan de grutste wurkjouwers fan ús gemeente en dy is ûnmisber foar minsken mei in ôfstân ta de arbeidsmerk. Troch de jûste begelieding is der wer takomst foar dizze minsken en in fersterking fan ús bedriuwen dy't krekt om goede arbeidskrêften ferlegen sitte.

Digitale ûntsluting is fan essinsjeel belang. Dit moat krêftich stimulearre wurde, júst ek mei omtinken foar it bûtengebied.



Rap ynternet is foar ûndernimmers dy't útein sette in basisfoarsjenning mar ek foar it tanimmen fan it thús wurkjen is dit fan belang.

### KEARNPUNTEN BINNE:

- Romte foar ûndernimmers;
- Bedriuweterreinen passend by aard en skaal van doarpen en stêd;
- As gemeente in betroubere partner wêze;
- Krêftige stimulearing digitale ûntsluting.

## Rekreaasje en toerisme

Rekreaasje en toerisme (R&T) is in groeisektor binnen ús gemeente. It Lauwersmargebiet, it terpelânskip, de Noardlike Fryske Wâlden, de Waadsee (UNESCO Werelderfgoed) en Dokkum as histoaryske stêd binne trekpleisters fan boppe-regionale allure. It foltôgjen fan it Súd le projekt bringt hjirfoar ekstra kânsen mei har mei, foar bygelyks it ûntwikkeljen fan far- en fytsrûtes en it opknappen en begaanber meitsjen fan âlde paden en fearten om toerist en bewenner ûnder de meast geunstige omstannichheden genietsje te litten fan ús lânskip.

Utwikkeling moat wol passe by de regio: duorsum, ekologysk, en lytsskalich. Romte, rêst en de tsjustere nacht binne

kearnwearden fan ús gemeente. Ynset op 'duorsum toerisme' slút dêr goed op oan: besikers dy't bewust de natuer- en kultuerkwaliteiten fan ús gebiet opsykje.

De gemeente moat har (mei de provinsje) sterk meitsje foar bettere monitoaring fan rekreaasjegasten troch ûndernimmers. Dat wol sizze: registraasje fan besikersoantallen, harren herkomst, mediagebrûk en beoardieling fan ús krite. Analyze fan regiosifers is nedich foar ynsicht yn trends en foar in better ûnderboud toeristysk-ekonomysk advys oan ûndernimmers en gemeentebestjoer.

#### DÊROM SETTE WY KONKREET YN OP:

- Befoarderjen rekreaasje en toerisme, dat past by de aard en de skaal fan de gemeente
- Opset strukturearre monitoaring R&T.

## Sport

Sport Bewegen soarget foar sûne, partisipearjende en lokkige minsken.

Krekt as kultuer is sport ek wichtich foar de sosjale gearhing en krêft fan de mienskip. Sport moat dêrom foar in elk leechdrompelig en tagonklik wêze. De gemeente spilet hjir in oanfiterjende rol yn.

Binnen de sport is sportakkommodaasjebelied belangryk. Wy wolle ta op in belied mei mear omtinken foar behear, gebrûk, en enerzjyfraachtstikken. It behear moat duorsum en safolle mooglik enerzjyneutraal wêze en de gemeente wol dêr wer in wichtiger rol yn spylje.

#### SPEARPUNTEN:

- Befoarderje en stimulearje fan sport;
- Ferbetterje sportakkommodaasjebehear, ek rjochte op it duorsum meitsjen en dêrtroch it besparjen op enerzjy.



# DUORSUMENS

## Duorsumens en enerzjytransysje

It lânskip fol fariaasje, sawol iepen en wrydsk as mei bosk en elzesingels, biedt romte en kânsen foar duorsumens, natuer, bioferskaat en lânskip.

Dizze kânsen hawwe wy ek izerhurd nedich foar de geweldich grutte opjeften op it mêd fan enerzjy. Wy wolle sels foarsjen yn ús eigen enerzjyferlet, it brûken fan fossile brânstoffen safolle mooglik beheine en de CO-2 útstjit ferminderje. De gemeente nimt dêryn it foartou.

Mei de needsaaklike enerzjytransysje wolle wy mei de enerzjy dy't wy duorsum opwekke foarsjen yn ús eigen enerzjyferlet en enerzjy betelber hâlde, hielendal foar minsken werby't it net rom sokket.

Wy wolle in gemeente wêze dy't enerzjy besparret en hellet út duorsume bronnen, wêrby't de opbringsten fan sawol enerzjy ás it geniet fan de lânskiplike kearmkwaliteit t'en goede komt oan ús ynweners.

Duorsumens  
Enerzjytransysje  
Lânbou  
Holwerd aan Zee  
Ferkear en ferfier  
Mearjierrich ûnderhâldsbelied  
ynfrastruktuer (kapitaalgoed)

### OM ALLE BELANGEN HARREN GERAK TE JAAN HAWWE WY DE FOLGJENDE ÓFSPRAKEN MAKKE\*:

- Jin sels rêde kinne mei it enerzjyferlet, dêrop ynsette en ek ree wêze te ynvestearen wêr't mooglikheden him foardogge en folop gebrûk te meitsjen fan ûntjouwings en nije kânsen (bygelyks aquathermy, wetterstof en opslach fan enerzjy), bygelyks fia enerzjykoöperaasjes;
- Gjin nije dong- en biofergisters dy't foar oerlêst soargje, ûntwikkelings wol folgje om mei bewege te kinnen wannear't der wol duorsume mooglikheden ûntsteane dy't gjin oerlêst jouwe;
- Sinnepanielen net op lânbougrûn, safolle mooglik op dakken, by projekten bliuwe wy alle war dwaan om ek ús ynweners en de gemeente sels safolle mooglik profyt hawwe te litten fan de opbringsten.
- Wy wolle wynenerzjy safolle mooglik op see, wêrby't wy op it lân tsjinstanner binne fan nije solitêre mûnen en turbines, mar foarstanner binne fan it 'Groninger model', ek by agraryske bedriuwen en foar enerzjykoöperaasjes, as der mar sprake is fan draachflak en ynpasberheid. Foar besteande mûnen folgje wy it provinsjaal belied;
- Ynset enerzjycoaches dy't ynweners op maat advys jouwe oer it ferminderjen fan harren enerzjyferbrûk om it miljeu te mijen en de enerzjykosten te ferleechjen;
- Omtinken foar enerzjy-earmoed;
- Bliwend ynsette op ús ambysjes foar sirkulariteit;
- Stimulearje ynweners dy't harren huzen better isolearje wolle mei duorsumheidsfûnsen;
- Wy binne tsjin gaswinning en nije gasboarrings yn de gemeente
- Gjin kearnenerzjy of opslach kearnôffal of CO<sub>2</sub> yn ús gemeente;
- Enerzjy dy't opwekke is komt oan de mienskip t'en goede en is net ornearre foar grutte datasintra, ek dy wolle wy hjir net.

\* Hjiryn binne de rânebetingsten ferwurke wêr't yn de riedsbrede agenda by "duorsumens en enerzjytransysje" nei ferwiisd is.

## Lânbou

De lânbou- en fiskerijsektor is typearjend en fan grutte wearde foar ús gemeente.

Mei de lânbou- en fiskerijsektor wolle wy ús ynsetten bliuwe foar ynnovaasje, duorsumens en bioferskaat.

Op it mêd fan lânbou en fiskerij is der in dúdlike relaasje mei bioferskaat, bygelyks mei it yn stân hâlden en ferbetterjen van it leefgebiet foar greide- en bougrûnfûgels.

Foar duorsumens en lânbou is skaalfergrutting en yntinsivearjen net altiten de oplossing. Yn ús gemeente is der dêrom gjin plak foar nije bio-yndustrie dy't net oan grûn bûn is.

Wy wolle as gemeente meibewege yn 'e lân- en túnbousektor en dizze sektor ek better op de agenda sette. Wy wolle dêrfoar de oanbefellings fan de kertiermakker lânbou útfiere. Dizze hat yn gearspraak mei de sektor in byld sketst en oanbefellings dien.

### OP BASIS DÊRFAN WOLLE WY KÂNSRIKE ÛNTJOUWINGS TROCHSETTE EN KONKREET MEITSJE:

- It sâlter wurden ("Verzilting"). Mei de provinsje en de sektor ûndersyk dwaan en plannen konkreet meitsje;
- Energjy; better foarsjen yn tûke lokale foarsjennings/bufferjen;
- Kompostearring fan bermgers en hekkelspesy/kringlooplânbou; mooglikheden ûndersykje en fruchtberheid fan de boaiem, wetterretinsje en bioferskaat befoarderje.

### EN DÊRNJONKEN WOLLE WY, NEFFENS DE REKOMMANDAASJES FAN DE LÂNBOUKERTIERMAKKER, AKTYF DE NEIKOMMENDE TEMA'S OPPAKKE:

- Kommunikaasje mei de sektor ferbetterje;
- Nei it opstellen fan in profyl it oanlûken fan in lânbou-amtner dy't him oppenearje sil as ferbining tusken gemeente, agrariërs en natuerorganisaasjes en dy't as oanjager fungearje kin foar kânsen yn (natuerynklusive) lânbou, duorsumens en bioferskaat.
- Tegearre mei de provinsje in 'flexpool stratysk adviseur fitaal plattelân' ynrjochtsje;
- In oanpassing op de konsumint om 'griener' te ûndernimmen, fan boer oant túnker, wat ek liede moat ta in positiver byldfoarming fan de sektor.

Wy binne it projekt Holwerd aan Zee, binnen it stelde ramt, tagedien, krekt omdat dit in projekt fanút de Mienskip is.

## Ferkearsfeiligens

Ferkearsfeiligens is fan grut belang foar ús.

Dêrom wolle wy ek ynvesteare yn de oanpak fan ûnfeilige sitewaasjes, feilige en goed ûnderhâlden diken en fytspaden, lykas de rûnwei Wânswert. Wy hawwe omtinken foar de ûntsluting fan de regio Kollum rjochting A7.

In auto-earme binnenstêd biedt, njonken in mear ferkearsfeilige sitewaasje, ek kânsen foar in oanloklik Dokkum en foar de horeka.

Stadich ride smyt net per definysje in gruttere ferkearsfeiligens op. Mei dêrom bliuwt de snelheid fan it ferkear yn it bûtengebied, sa't dy no is.

Ek wolle wy oan it opstelde mobiliteitsplan hannen en fuotten jaan.

### DIT HÂLDT YN:

- Ynvestearje yn ferkearsfeiligens;
- Auto-earme binnenstêd;
- Hannen en fuotten jaan oan it opstelde mobiliteitsplan

# Portefúljeferdieling 2022 – 2026

## J. KRAMER

BOARGEMASTER

### BESTJOER, IEPENBIERE GARDER EN FEILIGENS

- APV
- Boargersaken / ferkiezings
- Foarljochting en kommunikaasje
- Bestjoerlike relaasjes (byg. ANNO)
- Tafersjoch en hanthavenje (publyk domein)
- Bedriuwsfiering; P&O, Kommunikaasje

## A.J. SOEPBOER

FNP - 1E LOKO (1,0 FTE)

### MIENSKIP • KULTUER, BEHEAR EN MILJEU

- Belied doarpen en wiken
- Sosjale ferbûnens
- Belutsenens boargers
- Foarsjenningsnivo
- Kultuer en media
- Meartaligens
- Monuminten en erfgoed
- Behear iepenbiere romte
- Bioferskaat
- Behear en ûnderhâld begraafplakken
- Miljeu
- Offalbelied en ôffalynsammeljen

## J.D. DE VRIES

SIN - 2E LOKO (1,0 FTE)

### SOARCH • WOLWÊZEN, ûNDERWIIS EN FINÂNSJES

- Sociaal Domein
- Underwiis (berne-opfang / vve, ûnderwiishúsfesting)
- Sûn libje (bewege, iten en drinken)
- Jobbinder
- Finânsjes
- Ferkeap gemeentehuzen Kollum en Ferwert
- Bestjoerlik gearwurkjen gemeente Dantumadiel (1)

## B. KOONSTRA

FNP - 3E LOKO (1,0 FTE)

### WENJEN • ROMTE EN FERGUNNINGS

- Romtlike ûntwikkeling/ Romtlike kwaliteit
- Wenjen
- Grûnbelied
- Omgevingswet
- Bedriuwsfiering + Tsjinstferliening
- ICT
- Sintrale Húsfesting
- Fergunningferliening
- Húsfesting amtlik apparaat
- Tafersjoch en hanthavenje (omjouwing)
- Bestjoerlik gearwurkjen gemeente Dantumadiel (2)

## S. KEIZER

SIN - 4E LOKO (0,75 FTE)

### EKONOMY • REKREAASJE/TOERISME EN SPORT

- Berikberens en romte foar bedriuwen
- Detailhandelstruktuer
- Takomst duorjende, duorsume en ynnovative bedriuwichheid
- Arbeidspartisipaasje/nei wurk liede
- Rekreaasje en toerisme
- Sport
- Behear en ûnderhâld sportfjilden
- Regiodeal/Versnellingsagenda

## P.L. BRAAKSMA

GBNF - 5E LOKO (0,75 FTE)

### DUORSUMENS • FERKEAR/YNFRA EN LÂNBOU

- Duorsumens
- Energjytransysje
- Lânbou
- Holwerd aan Zee
- Ferkear en ferfier
- Mearjierrich ûnderhâldsbelied ynfratraktuer (Kapitaalguod)

**FERBÛN** MEI DE  
**MIEN**SKIP



# INHOUD

- Voorwoord	27
- Raadsbrede agenda	29
- Coalitieakkoord	32
- Portefeuilleverdeling '22-'26	46

# VOORWOORD

Tussen de groene weiden en het terpenland waar de wind altijd wakker is en tussen bossen en elzensingels; in huiskamers en dorpshuizen, bij de verenigingen en stichtingen, in dorpen en wijken. Daar ligt onze MIENSKIP, veilig in de stenen armen van de zeedijk. En soms, heel soms, wagen wij ons daarbuiten, voor een zondagswandeling over de kwelders met de blik over het Wad. Wij wonen in de wijken van Dokkum, buiten of binnen de historische bolwerken. Wij wonen in Ferwert, in Kollum, in Hallum, in Holwert, in Easternijtsjerk, in Westergeast of een van al die andere prachtige dorpen. Wij zijn Noardeast-Fryslân. Dat is wat ons verbindt.

